

## Tekst 1 Oerheidskommunikaasje

1 De trend yn de oerheidskommunikaasje fan de ôfrûne jierren is ien fan tanommen omfang, belang en oansjen. Dat is fansels net sa'n grutte ferrassing yn in maatskippij 5 dêr't yn 1999 mar leafst 11.500 buro's op kommunikaasjemêd teld waarden. En der binne, hiel konservatyf rûsd, op dit stuit sa'n 5000 oerheidsfoarljochters warber. Mei-elkoar binne yn Nederlân op syn minst 10 55.000 kommunikaasjefunksjonarissen yn it spier. Dat is mear as twa kear safolle as alle wittenskiplike meiwurkers ferbûn oan de Nederlânske universiteiten. En mear as de helte fan alle ferpleechkundigen yn Nederlânske sikehûzen. Nederlân kennislân? Nee, 15 - wis net: Nederlân kommunikaasjelân!

2 Dêr't earder noch mei in heale foarljochter folstien wurde koe, is tsjintwurdich in ôfdieling kommunikaasje al it minste. En 20 dêr't earder mulo-A, en tagelyk in flotte prater, mear as genôch wie, is hjoed de dei in hbû-diploma kommunikaasjekunde werklik it minste. Mar in dúdlik profyl fan wat ta it fakgebiet al of net heart, mist. Yn 25 de kommunikaasjepratyk wurdt amper of gjin gebrûk makke fan ûndersyk en yn alle gefallen net fan it ûndersyk dat binnen de ûnderskate opliedings fan belang fûn wurdt. It hat der al mei al in soad fan dat der mar 30 wat dien wurdt.

3 Dat nimt net wei dat de kommunikaasjeadviseur de wyn mei hat. Hy of sy is allang net mear allinne mar in foarljochter dy't, om't dat no ienris moat, him of har beheint ta it skriuwen fan in parseberjocht. Nee, it 35 giet tsjintwurdich, en dat jildt foaral foar it Haachske, om in topamtner, foar wa't gjin doar lang ticht bliuwt, waans advys foar elke amtner fan belang is en dy't fan it iere begjin ôf behelle wurdt yn de beliedstarieding en dy't it meitsjen fan in parseberjocht graach oan *Vandelinde Consulting BV - you get what you pay for* - oerlit. Dy 40 docht dat foar mar € 1.500 eks. BTW it berjocht. Hoewol't Maarten Huygen it yn *NRC-Handelsblad* oer it jierliks ôfstudearjen fan 'honderden nutteloze mediadeskundigen' hat, liket de trend op it earste gesicht in oare kant út te wizen: de eardere boadskipjonge is ûnderwilens evoluearre ta ien fan de 50 machtichste amtner yn oerheidslân.

4 Mar it tanommen belang giet lykop mei in tanimmende kontroversjelens. It giet om de spagaat dêr't elke oerheidsfoarljochter yn 55 telâne komme kin, sels dy fan de gemeente Wymbritseradiel. As bestjoeren wat langer wat mear kampanjefieren wurdt, bliuwt dat ommers net sûnder gefolgen foar de

kommunikaasjestrategy. It giet foar in part 60 om in klassike diskusje yn kommunikaasjelân. Giet it om it útdragen fan fêststeld belied, of ek om it krijen fan wat hieltyd faker draachflak foar belied neamd wurdt? En hoe stiet it mei de persoanlike stipe foar 65 bestjoerders by it ûntwikkeljen fan in kommunikaasjestrategy? Wat posysje kiest de oerheidsfoarljochter as it giet om it út de wyn hâlden fan in de bestjoerder ôf om it tsjinjen fan hegere demokratyske belangen? 70 En hoe stiet it mei de belutsenens fan de gemeentlike foarljochter as it giet om it kolleezje fan b. en w. oan de iene kant, en de ried oan de oare kant? Sa'n spagaat is net sûnder gefaren. Ik fyn net dat in bestjoerder 75 ûnder in waarme tekken fan kommunikative warberens hoecht te lizzen. Hy of sy moat it belied net ferkeapje, mar fiere. De kommunikaasjeadviseur mei bêst ris in jûn thúsbluwe, as it om it krijen fan draachflak 80 foar prachtige plannen giet. De sjoernalist set it ommers wol yn de krante.

5 Benammen sûnt de komst fan de televyzje is politike kommunikaasje wat langer wat mear op de persoan fan de 85 politisy rjochte. Net har tinken en kinnen binne noch nijsgjirrich, mar har optreden, persoanlik wjerfarren en imago. En it slimste is dat dyselde politisy dêr mar wat graach oan meidogge. Ik beheint my ta in pear Fryske foarbylden. De moderne boargemaster docht mei oan in ûnnoazel spultsje op de televyzje. Is der dan nimmen dy't foar dy eare betanket? In ynterview en foto yn de *lifestyle* rubryk fan in provinsjaal 90 katern, ja, dat set grif seadden oan de dyk. Hokfoar auto hawwe jo en wêr keapje jo jo kleen? De op de foto sichtbere lytsboargerlike ynrjochting fan de boargemasterswente lit it slimste tinke. In Ljouwerter teaterpremière betsjut foar goed tweintich Fryske boargemasters in ritsje mei in moaie 100 rjemmewite '28 foot, 8 passenger, Super Stretch Limo'. Hollywood as nearzich foarbyld, men soe der mislik fan wurde. 105 Myn fraach is oft sok dwaan helpt om it gesach en de yntegerens fan de oerheid te stypjen. Soe it net de helte better wêze om as bestjoerder dy merke fan idelens hurd te ferlitten en fierders foar te behâlden oan 110 soapstjerren, beropsbalskoppers en in inkelde advokaat en makelder?

6 Mei't it postmoderne tinken dat de wierheid in yllúzje is of op syn bêst yn it meartal bestiet, fierders fjild wint, nimme 115 manipulaasje en mislieding yn de polityk ta. De demokrasy kin sa ferwurde ta in

- manipulaasje fan de boargers troch politisy, kommunikative helpkrêften en net te ferjitten opinyhifkers. Ynstee fan wat in
- 120 demokrasy heart te wêzen, te witten in mooglikheid om de politike lieding te beynfloedzjen mei help fan in politike argumintaasje op grûn fan politike wearden en feitekennis. Sa'n manipulaasje is, sa hat
- 125 dit lân de ôfrûne twa jier sjen litten, ek by ús net langer ûntinkber. Hoefolle folk-fertsjinwurdigers fine de eigen presintaasje tsjinwurdich wichtiger as de represintaasje fan har kiezers? Imagology hat wat langer
- 130 wat mear it plak fan de ideology ynnommen. Yn dat patroan past ek dat bestjoerders dy't kryptyk op har belied krije, yn it algemien net sizze dat hja better nei de boarger harkje moatten hienen, mar ynstee dêrfan witte litte
- 135 dat hja har belied better útlizze moatten hienen.
- 7 Lit my ris nei de provinsje Fryslân sjen. It provinsjaal bestjoer fan Fryslân hat ferline jier besocht om in kommunikaasjebeliedsplân fêst te stellen. Besocht, want it plan
- 140 foel yn Provinsjale Steaten sa ferkeard dat deputearren twongen wienen om it plan werom te nimmen. Op himsels hiel opmerklik foar in plan dat neffens eigen sizzen opset is 'vanuit het oogmerk en kijkend naar
- 145 hoe een moderne provincie behoort te communiceren. Zonder theoretische verhandelingen, concreet, praktisch en met respect. Op resultaten gericht. Kortom een even frisse als Friese aanpak.' Ik soe net
- 150 witte wat dêr fris en Frysk oan is, mar dat docht der even net ta.
- 8 Slimmer is dat it plan gjin ûnderskied makket tusken ynformaasje oer foarnommen
- 155 en fêststeld belied. Feitlik hat it krekt wat tefolle fan in opsetsje om it provinsjaal belied te ferkeapjen en, as ik it goed sjoch, om provinsjale bestjoerders te promoaten. Elke Fryske deputearre hat no syn eigen
- 160 foarljochter, en dat yn in provinsje dy't noch gjin 650.000 ynwenners telt, en, noch folle wichtiger, in provinsje dy't noch twa deiblêden hat dy't alle dagen wer ferskine en folskreaun wurde. It hat der in soad fan
- 165 dat de omfang fan de provinsjale ôfdieling kommunikaasje rjochtstreeks it produkt is fan it oerskatten belang fan it provinsjaal bestjoer.
- 9 'Overheidscommunicatie dient feitelijk
- 170 van aard en zakelijk van toonzetting te zijn. Ook dient de communicatie herkenbaar te zijn als afkomstig van de overheid', sa seit de kommisje-Wallage yn syn rapport oer oerheidskommunikaasje. Sa is it mar krekt.
- 175 Der hoecht gjin ideaalbyld presintearre te wurden om't de werklikheid no ienris net goedernôch is. Der hoecht gjin nijs betocht te wurden, lit stean in kommunikaasjeadviseur oanlutsen te wurden, allinne om't it
- 180 ferlet om yn de krante te kommen befredige wurde moat. Ik ferset my tsjin mislieden en manipulearjen, tsjin mantsje- en wyfke-makkerij en oare *windowdressing* en tsjin it foarbygean oan it eksklusieve karakter fan de
- 185 publike saak. Ik bin foar iepenheid en it ôflizzen fan ferantwurdiging, mar tsjin it rjochtpraten fan wat krom is. En ik pleitsje foaral foar in harkjend ear. Lit my it nochris op 'en nij sizze: it is de heechste tiid dat de
- 190 oerheid syn tsjinstfeint, boargemaster, deputearre of kommunikaasjeadviseur, in opmerksum hert jout om it folk rjochtfeardich te bestjoeren en goed en kwea te ûnderskieden. Wa wit, wurdt it mei de
- 195 oerheidskommunikaasje dan ek noch wolris wat.

*Nei: Piet Hemminga, De Moanne, desimber 2003*

## Tekst 2 Oer en wer mei de wrâld

- 1 Douwe Kalma woe in brêge slaan tusken Skandinavië en Ingelân. Hy bringt it yn 1916 mei de rede 'Fryslân en de wrâld' nei foaren. De Friezen moatte in ferbining foarmje tusken it troch in mienskiplike skiednis ferbûne Ingelan en Skandinavië. Yn it ferbân fan dy lannen sille de Fryslannen as kultuerfaktor in eigen plak ynnimme. Fryslân hat oan himsels net genôch. Anno 2003 binne wy op it stik fan de relaasje tusken 'Fryslân en de wrâld' in nije faze yngien. Wie Douwe Kalma syn wrâld net grutter as de Noardseeregio, hjoed de dei is hast elke feroaring by it wurk, by it iten, yn it ferkear, by it ferwurkjen fan ynformaasje en yn de sûnensoarch dy't him yn Fryslân foardocht, de lêste skeakel fan in wrâldwiid keatling fan oarsaken dy't de Friezen net oersjen kinne.
- 2 Gong it Kalma benammen om it ferwerklikjen fan in kultureel ideaal, folle mear noch as yn 1916 libje de Friezen tsjintwurdich yn in risikomaatskippij. Managers yn haadkantoaren (fier) bûten de provinsje beslute oer de fuortgong fan grutte dielen fan de Fryske ekonomy. Yn de multinasjonale ratrace wurde wurknimmers oanset hieltyd gruttere prestaasjes te leverjen. Burn-out komt ek yn Fryslân foar. De Fryske Steaten binne by it bestriden fan earmoede en wurkleazens foar in grut part oan hannen en fuotten bûn. It ynternasjonaal bedriuwslibben siket de plakken op dêr't de leankosten en de belestingtariven it leechst binne. It ynternasjonale bedriuwslibben en de oerheden wurkje oan ferdraggen dy't ek foar Fryslân yngripende gefolgen ha. Multinationals ha aansen frij baan by it dwaan fan ynvestearings oangeande de tsjinsten dy't se oanbiede. In grut diel fan it iepenbier ferfier yn Fryslân is yn hannen fan in Ingelsk bedriuw. Dat hat him no noch te hâlden oan wat it provinsjaal bestjoer foarskriuwt.
- 3 En dan ha wy it noch net iens hân oer de ekologyske fraachstikken dêr't Fryslân as diel fan de wrâld mei te krijen hat. De bewenners hingje as libbene wêzens ôf fan fysike omstannichheden dy't har yn de natuer foardogge. Dy soene neffens ekologen yn in dynamysk lykwicht wêze moatte, mar troch it yngripen fan de minske wurdt dat fersteurd. De measte gelearden binne it der wol oer iens dat it broeikasfeffekt ta it opwaarmjen fan de ierde liedt, dêr't de seeën troch omheech komme. Dêrom moatte de Fryske seediken ophege wurde en is der om it wetter op te slaan op it fêstelân ferlet fan opfanggebieten.
- 4 Genôch foarbylden fan feroaringen yn Fryslân troch wrâldwide oarsaken. Hjir is sprake fan it ferskynsel globalisearring dat net altyd negatyf útpakke hoecht. Gjin inkeld yngripend maatskiplik probleem - oft it no it miljeu, de migraasje, de wurkleazens of it ûnbehearske kapitaalferkear oangiet - kin langer binnen lânsgrinzen oplost wurde.
- 5 Hoefolle mear oarlochsgeweld soe der wêze, as der gjin Feriene Naasjes wiene. De managers fan de 'Wrâldbân' dogge ek wolris goede dingen mei it jild dat se earne lannen taskikke. Dat sa'n Turkske hoareka-ûndernimmer yn Ljouwert jild makket, om dêr yn syn bertedoarp in hotel mei yn te rjochtsjen, dêr't er syn eardere doarpsgenoaten in ynkommen mei ferskaft, dat is dochs prachtich! Alle hulde oan de lêzers fan in Frysk deiblêd dy't by gelegenheid fan it hûndertjierrich bestean fan har krante yn Fryslân in bosk oanplantsje en tagelyk bydrage oan de oanplant fan in stikje reinwâld yn Súd-Amearika.
- 6 Neffens de gongbere opfettings fan ekonomen en politisy ûnderfynt elke wrâldbewenner de foardielen fan de frijhannel en fan de ynternasionalisaasje fan merken en ûndernimmings. Produkten wurde guodkeaper en kinne flugger en yn in grutter ferskaat levere wurde. De werklikheid is lykwols oars: hegere winsten troch kostereduksje liede ta legere leanen en minder banen. De prizen meie dan wol sakje, de keapkrêft rint troch it omleech gean fan de leanen ek tebek. It foardielen fan de iene wurket troch yn neidielen foar de oare. De kleau tusken rike en earne minsken en lannen wurdt noch hieltyd grutter troch de neo-liberale ynkleuring fan de globalisearring.
- 7 Globalisearring - neffens de neutrale betsjutting fan it wurdboek dat ferskynsels har oer de hiele wrâld ferspriede - liedt sa ta 'globalisme': alle maatskiplike ferskynsels wurde rûnom yn de wrâld ienfoarmiger en dêrmei giet it eigene ferlern. Om't 'globalisearring' ta 'globalisme' wurden is, binne (yn it grutte ferbân besjoen) de neidielen folle grutter as de foardielen dy't it hieltyd mear op mekoar ynwurkjen fan ferskynsels op de wrâld meibringt.
- 8 Frjemdernôch binne de gefolgen fan de globalisearring foar de provinsje by it publyk debat yn Fryslân alhiel gjin tema. Binne de Friezen der allang oan wend dat hja mei tûzenen triedden oan minsken en ferskynsels bûten har provinsje bûn binne? Komt it dêrtroch dat it de Friezen likefolle is wat de globalisearring by de ekonomyske, de sosjale, de kulturele en de ekologyske omstannichheden yn har provinsje útrjochtet? Foar wa't it sjen wol, binne de gefolgen fan it alles oerhearskjend 'globalisme' yn Fryslân oars dúdlik genôch. Nim

- bygelyks it lot fan de Fryske boeren. Alle wiken hâlde gemiddeldwei fjouwer mei har bedriuw op. Pleatsen dêr't generaasjes lang deselde boerefamyljes op wurke ha, krije in oare bestimming.
- 9 Spesjalisaasje en yntinsivearring fan de agraryske produksje wurde troch de gongmakers fan de multynasjonale agro-yndustry needsaaklik achte. It Lânbouministearje en de Fryske Steaten geane mei yn de noch fierdergeande skaalfergrutting en konsintraasje. De boerestânsorganisaasje NLTO ferwachtet dat de Fryske lânbou troch spesjalisaasje yn fokfee en poatierappels en troch kennisyntensivearring yn it geweld fan de wrâldwide ûntjouwings in konkurrearjende sektor bliuwe sil. Dat yn tsjinstelling mei twa ûndersikers fan de Lânbou-universiteit yn Wageningen dy't de ûndergong fan de Nederlanske lânbou foarsizze. Neffens har is dat it gefolch fan de liberalisearring fan de wrâldhannel en de útwreiding fan de EU mei miljoenen bunders guodkeape grûn en miljoenen guodkeape arbeidskrêften.
- 10 Der binne fansels ek Friezen dy't troch de kop derfoar te hâlden oan it boerestjerren besykje te ûntkommen. Hja leverje in bydrage oan it ûnderhald fan de natuer, meitsje streekprodukten, litte minsken op har hiem kampearje, rjochtsje in soarchpleats yn of dogge oan berne-opfang op it boerebedriuw. Hja ferbreedzje har affearen en meitsje banen ynstee fan dy ôf te brekken. It jild dat se fertsjinje besteegje se yn de eigen streek. Hja wurkje mei oan in lokale ekonomy. Mar it oangean fan sa'n 'twadde tûke' is net foar elke boer weilein. De omstannichheden moatte derneffens wêze en dat is lang net altyd it gefal.
- 11 Noch wer oaren sykje in útwei foar de negative útwurking fan it globalisme troch dat mei it lokale te ferbinen. Marketingmanagers yn Japan ha de wurdkombinaasje 'glokalisaasje' útfûn. It globale kin net sûnder it lokale, it lokale net sûnder it globale, fine se. Doe't de multinational Kaufmarkt him yn Ljouwert fêstige, beaen se har produkten dêrom yn it Frysk oan. It waard in misrekken. It publyk fûn it mar nuver. Wêr wie dat goed foar? Der waard gau in ein oan makke. 'Glokalisaasje' yn Fryslân yn praktyk bringe, ûnderstelt al dat de eigen kultuer yn it selsbyld fan de Friezen yn it deistige dwaan in wichtich plak ynnimt ....
- 12 Kalma hie yn 1916 mei syn 'Fryslân en de Wrâld' gjin sukses. Giet it no wer om in ûnmooglike opdracht? Krekt as soene de yndividuele bewenners, it bedriuwslibben, de tsjerken, de maatskiplike organisaasjes en de bestjoerders yn Fryslân in eigen paad útsette kinne by it ynwurkjen fan 'de wrâld' op har provinsje ta behâld fan wat hja hoedzje en noedzje wolle. Bestean of net bestean, dat is yn in wrâld fol risiko's de fraach wurden dêr't se in antwurd op fine moatte.

*Nei: Johannes Spyksma, Fryslân en de Wrâld, Essays, 2004*